

Ûnderwerp: útrikking Gysbert Japicxpriis

Tiid: sneon 16 novimber, 15.00 oere
Lokaasje: Martinitsjerke Boalsert, Groot Kerkhof 4

Oanwêzigen: Simone de Witte, Houkje Rijpstra, Pier Bergsma, Thijs Feenstra, Stella van Gent, Jannewietske de Vries

Hanneling: taspraak en priisútrikking, mei nei Gysbert Japicxhûs

TASPRAAK

Achte frou Van der Meer, achte oanwêzigen,

Oardel moanne lyn, op woansdei 25 septimber, wie ik al by jo, frou Van der Meer. Jo sieten krekt oan it moarnsbrochje en wisten noch fan neat. En doe kamen wy deryn, mei kamera's, fototastellen en in grut bosk blommen. Jo wiene de winner fan de Gysbert Japicxpriis 2019.

Lang gewacht, stil gezwegen, nooit gedacht, toch gekregen.

Dat wie wol in bytsje op jo fan tapassing. Wat waard it in moaie moarn.

En sels fûn ik it hiel moai hoe't jo dizze priis ek gund hiene oan oare talintfolle skriuwers. Mar hjoed krije jo him, frou Van der Meer. En it is jo fan herte gund.

Achte oanwêzigen. As deputearre fan de provinsje Fryslân mei ûnder oare de Fryske taal en kultuer yn portefúlje, wol ik graach de klam lizze op it feit dat wy as provinsjaal bestjoer in hiel soad belang hechtsje oan de Fryske taal. Dêrom fine wy it bysûnder weardefol dat der noch hieltyd sa'n soad skriuwers binne, dy't prachtige boeken yn it Frysk skriuwe.

Dêrom fine wy it ek sa moai dat wy noch hieltyd talintfolle skriuwers, jong en âld, yn it sintsje sette kinne. It is grutte stimulâns foar de Fryske literatuer en it Frysk as taal, as wy der no en dan ekstra omtinken foar hawwe.

Dat omtinken is nedich, dat fernimme wy as provinsje wis wol. De taal is lokkich sterk, mar wy fernimme ek dat sy ûnder druk stiet. Benammen ûnder de jongerein is it fan belang om it brûken fan it Frysk te stimulearjen. Al sjogge wy lokkich wol dat de jongerein no wer mear wurdearring foar it Frysk kriget. Ik hoopje dat sy jo boeken ek lêze sille.

De Gysbert Japicxpriis is al in echte Fryske tradysje. Yn 1947 waard de priis al foar it earst útrikt. In priis foar oarspronklik Frysk literêr wurk. Wy rikke de priis no om it jier út, ôfwikseljend foar poëzy en proaza. En wy binne net alhiel tafallich hjir yn de Martinitsjerke yn Boalsert. Jo wenje yn dizze moaie Fryske stêd, frou Van der Meer, mar Boalsert is ek it berteplak fan Gysbert Japicx, nei wa't de priis neamd is. In moaie tradysje dy't, sa hoopje wy, noch jierrenlang trochsetten wurdt.

Frou Van der Meer. De foarsitter fan de sjuery, Houkje Rijpstra, hat jo niiskrekt al op 't stuoltsje set. Moaie wurden, dy't ik fan herten ûnderskriu. By ús earste moeting by jo thús fertelde ik jo al hoe bysûnder ik it fyn dat jo heech op jierren noch begûn binne mei it skriuwen. En hoe graach ik jo boeken lê. Ik hoopje dat jo noch lang net útskreaun binne en dat wy noch moaie nije boeken fan jo ferwolkomje meie. Fan herte lokwinske mei dizze moaie priis.